

Jiergong 19 (2010)

De Keatsfreon is in útjefte fan 'De vrienden van het Kaatsmuseum'. Ferskynt ien kear yn it jier.

Redaksje:

Pieter Breuker, Emmakade 120, 8933 AW Ljouwert
Theo Kuipers, De Ponge 4, 9022 BA Mantgum

Utjefte Friese Pers Boekerij, Ljouwert

Foarmjouwing Mark van Houten, Boksum

Printwurk Drukkerij Van der Eems B.V., Easterein

Lede-administraasje

Leden fan 'De vrienden van het Kaatsmuseum' krije

De Keatsfreon fergees tastjoerd.

It lidmaatskip is 10 euro yn it jier.

Losse nûmers jilde 8.95 (eksklusyf - eventuele - ferstjoerskosten) en binne ûnder mear te krijen by de lede-administraasje fan 'De vrienden van het Kaatsmuseum', Jan Metselaar, It Swee 8, 9033 XP Deinum, tillefoan: 058-2542654.

ISSN 1876-9306

© De redaksje en fan de aparte stikken de oanbelangjende auteurs.

De útjefte fan *De Keatsfreon* wurdt finansjeel mei mooglik makke troch bydragen fan de Friesland Bank, *Leeuwarder Courant* en de Gemeente Franekeradeel.

By it omslach Ledepartij Hijum, 29 maaie 2009.

Ynhâldsopjefte

Fan de redaksje

Johan Jansen wie ien slach fan it klaverke-fjouwer ôf | Rynk Bosma

'...eat yn it karakter fan de klaeifries...' | Janneke Spoelstra

Fan Freulewinner oant PC-keatser: talint, ambysje, kar | Theo Kuipers

Typisch Tjalling: 'Het is niet wat je bent, maar wat je doet.' | Wio Joustra

Het Nationaal Museum van het kaatsen in België:

een ontdekkingsstocht doorheen tijden en culturen ... | Geert Vandervelden

Swerkkaatsen en bezems | Leendert Ferwerda

Skeveningen 1892: It keatsen op de earste grutte nasjonale

en ynternasjonale sportmanifestaasje | Pieter Breuker

In keatsbal foar de ivichheid | Josse de Haan

Perkspiler | Baukje Wytsma

Kaatsen in Gelderland | Menno Potjer

De tentoonstelling over het kaatsen in Gelderland | Fineke Burgers

Och heden ja ... Keatsfoto's mei ferhalen op www.kaatshistorie.nl | Theo Kuipers

De striid om de sulveren bal: in boppeslach! | Siets Ypenga

Keatskronyk 2009 | Theo Kuipers

Jaarverslag Museum- en Documentatiecommissie 2009 | Tineke Jansma-Bouma

side

3

4

8

9

14

17

21

22

31

35

36

39

41

43

46

53

Fan de redaksje

Wie it blêd ferline jier, by it fiifjierrich bestean, foar it earst yn kleur, diskear is it, lykas al oankundige, wer yn swart-wyt. Hoewol't de finansjele posysje fan De Freonen fan it Keatsmuseum op himsels sûn is, moat der earst struktureel subsydzje ynkomme, wol it blêd definityf yn kleur ferskine kinne. Dat is op termyn fan-sels wol ús doel. Wat dêrby ek helpt, is noch wer wat mear leden. Dêr hawwe de Freonen oars net oer te kleien: de goed 400 fan 2008 binne wilens al útgroeit ta oer de 450. De 500 binne yn sicht! Dat is foar dit type blêd in bûtengewoan grut oantal. En dat alle-gearre mei in budzjet fan sa'n € 3.000,- op jierbasis.

Wy hawwe wer besocht om rjocht te dwaan oan ús útgongspunten: ek no krije keatshistoarje, keatskultuer en keatsdokumintaasje folop har gerak. Dêrneist soargje 'lichere' stikken as columns foar de ferdive-daasje. Wy besykje ek hieltiten wer om, binnen it ramt fan ús útgongspunten, nije ûnderwerpen en nije meiwurkers te finen, yn Fryslân en om utens. Dat slagget eins alle jierren wol en dat lit tagelyk ek moai sjen dat der hiel wat oer it keatsen te skriuwen is. Dit jier meitsje Siets Ypenga, Geert Vandervelden en Menno Potjer en Fineke Burgers har debút. Wolkom!

As skriuwer wol men jin kennis graach ferspriede, ûnder safolle mooglik minsken bringe. Dat kin op ûnderskate manieren. Dit blêd is dêr ien fan, mar de ein ferline jier iepene webside **www.kaatshistorie.nl** is in oarenien. It bestjoer fan De Freonen en de skriuwers fan *De Keatsfreon* hawwe har tastimming jûn om alle

bydragen oan ús blêd op dy webside te setten, sij it mei in ynboude fertraging fan in jier (sjoch ek it artikel yn dit nûmer oer dy webside). Wa't by de tiid bliuwe wol, sil, mei behâld fan it goede, nije wegen ynslaan moatte. Men moat net al te gau tefreden wêze: it kin altiten better en der moat foar ús as redaksje ek in útdaging bliuwe. Der is neat minder as stilstân.

Wy hawwe dus noch wol wat winsken oangeande *De Keatsfreon*. Dat bringt ús op it Keatsmuseum.

De Freonen binne yn 1993 oprjochte om de doelstellingen fan it Keatsmuseum te stypjen. Dit blêd is ien middel dêrta, finansjele stipe in oarenien (mar de middels fan de Freonen binne beheind en ek net bedoeld om it Keatsmuseum oerein te hâlden). It stiet der noch altiten min foar mei it museum (sjoch ek it jierferslach yn dit nûmer). Dat giet ús fansels tige oan it hert. It bytsje jild dat it museum fan it Keatsbûn krych, is noch fierder werombrocht: fan € 11 à 12.000 ta € 7.000. Dêr moat alles fan betelle wurde, bestjoers- en reiskosten, burokosten, tydlike eksposysjes, oankeapen, mar ek de nuts- en fersekeringskosten. Jild om de fêste útstalling - en dy stiet al fyftjin jier - te ferfangen, is der hielendal net. Ek it - op himsels moaie - gebou foldocht net mear. It Keatsmuseum is foar minsken mei in fysike beheining min of net tagonklik. It is ek ûngeskikt om de kolleksje goed te bewarjen: de dokumintaasjeromte en de souderferdjipping foldogge yn de fierste fierte net oan de easken dy't steld wurde oan in hjoeddeisk museum. It is ien fan de redenen wêrom't it Keatsmuseum net yn

it Nasjonaal Museumregister opnommen wurde kin. It Keatsbûn propagearret hieltiten wer it keatsen as Fryske kultuersport, mar makket dêrby gjin gebrûk fan it Keatsmuseum. Hoe't dat kinne soe, lit de nije buorman fan it Keatsbûn sjen. sc Heerenveen set yn de byldfoarming nei bûten - en dy is fan in net yn jild út te drukken belang - al jierrenlang en mei grut súkses Abe Lenstra yn. De rike skiednis fan it keatsen jout alderhanne mooglikheden om it keatsen op 'e kaart te setten, ek lanlik. De foto's, films, prizen, findels, listen en al dy oare dokuminten binne gjin deade objekten, mar kinne it ferhaal fan it keatsen fertelle. Netwurkje en ûnthelje gasten fan binnen en fan bûten op in arranzjemint fan it Keatsmuseum, lit keatshelden har ferhaal yn it Keatsmuseum fertelle, jou bysûndere wedstriden as de Bangmapartij, de Aldehoudei en eigen bûnswedstriden ekstra kasjet troch wat mei de rykdommen fan it keatsen en syn histoarje te dwaan, hâld in kulturele wedstriid (gedichten, (sterke) ferhalen, tekeningen, filmkes, ...), doch Och, it Keatsbûn moat dat sels ek wol betinke kinne. En it jild? As dat werklik in probleem is (mar it ferdielen fan de sinten is hast altiten in kwestje fan prioriteiten): freegje, mei in goede motivaasje, in ekstra ôfdracht fan € 0,50 (in *heale* euro) per lid. Net in ferieniging dy't wegerje sil. It Keatsmuseum kin mei dy € 7.500 prachtige dingen dwaan. Boarje dêrneist fûnsen oan foar ynsidintele subsydzjes. Der binne genôch minsken ynteressearre yn de skiednis fan it keatsen en se wolle ek wol ta de bûse, as har it wêrom mar goed útlein wurdt.